

Macho's sûnder karakter

FD 11-12-'10

Roman

troch Jaap Krol

As ik in realistysk skilderij fan myn hûs bestel, dan ferwachtsje ik fan de skilder dat er him hâldt oan de wetten fan it perspektyf. It rût is dus net grutter as de doar en d'âlde ikebeam yn 'e tún is heger as it dak. Ik moast dêr oan tinke doe't ik noch oan it begjin stie fan *It Eagleton Segel*, it twadde boek fan Arjen Terpstra, dy't earder foar *De hearen fan Fryslân* (2008) de Rink van der Velde-priis krige. Foardat jo oan it ferhaal begjinne, krije jo nammentlik in stambeam ûnder eagen, dêr't út opmakke wurde kin dat Sinéad Gomez, berne yn 1838, troud is mei Shay Eagleton, dy't berne is yn 926. Om op side 11 te lêzen: 'Yn 1315 kaam Edward Bruce, broer fan Robert Kening fan Skotlân op fersyk fan de kening fan Ulster Domhnall Ó Néill nei Ierlân, yn de hoop dat Edward de Ingelske legers út Ierlân ferdriuwe koe lykas syn broer yn Skotlân dien hie. Edward Bruce waard yn 1916 kroane ta kening fan Ierlân ûnder de titel Éadbhard I of Edward I.' Nei dit begjin fol mei typ- en ynterpunksjeflaters, begûn ik serieuus te wifelen oft ik wol fierder lêze woe; ik wie bang dat it net by dit tal bliuwe soe.

It Eagleton Segel giet oer de famylje Eagleton, in Iersk geslacht dat werom giet oant it jier 926. As it geslacht konfrontearre wurdt mei 'de' Ingelsken, begjint der in lange striid om de frijheid, dy't yn 1846 útrinne sil op de flecht



Arjen Terpstra folget syn eigen ynterpunksje.

Foto: Frans Andringa

fan twa broers, John en Shay, nei respektivelik Amearika en Skotlân. Beide manlju nimme de helte fan in yn 1653 smeid segel mei. Dêr stiet op dat de eigner by in takomstige ûnôfhinklikens fan Ierlân it Eagleton Castle yn syn besit kriget. It segel is dus de ynset fan in ûneindige searje fol aventoer en famyljedrama. Geandewei ûntstiet der in kaleidoskopysk panorama op it hurde, ierdske libben yn ferskate wrâlddieden, yn ferskate ieuwen.

Risiko's

Safolle perspektiven en safolle nammen, dat kin fansels potsinsje ha, mar ymplisearret

ek risiko's. Myn eangst kaam dan ek út. Psychologysk binne alle personaazjes fan tin boardkarton, oft se no stjoerman, fotografe of (eks-)fisker binne. De skriuwer hat der foar keazen om syn macho's sterk, ynteger, rjochtfeardich en yntelligint del te setten, sadat it se oan wiisheid en krêft noait ûntbrekt.

Nim no *governor* John Hamilton, as er op side 216 troch syn lettere *assassinator* oanklampe wurdt: 'Mei in skuor kaam er los en snaude dat se net by him wêze moast en rûn troch. John wist sels net werom er sa hurd útfallen wie'. Gjin wytrigel, lit stean

in nije rigel, want de *governor* tinkt foarút en wol de lêzer net fantasearje litte. Dyselde Hamilton is gek op countrymuzyk, bygelyks op dy fan Hank Williams (1923-1951), dy't er foar de autoradio heart as er syn oansteande Dorothy moetet. Sy studearret psychology omdat 'se net yn in materialistyske maatskippij funksjonearje koe' (side 218). Wy skriuwe 1940, Montana, USA. 'Materialistyske maatskippij' is hippy-jargon út 'e sechtiger jierren, Hank Williams is yn 1940 noch in lokale bekinde út Alabama. It is fansels net fuort fout, it is wol hiel, hiel betocht. Sjoch nei kapitein Chorowski, in stoere Rus dy't yn froastwetter it anker fan in lytse coaster mei in brekizer ljochtet, dêrnei as in wiere Tarzan mei in iisbear fjochtet en it bist mei in mes sa swier ferwûnet, dat er flechtet. En Tarzan? Tarzan hat allinnich mar in byt yn it kût! Hulde Tarzan!

Fierder lies ik oer famkes mei in 'fleske coca-cola' yn 'e hân (side 76), folge ik in John Eagleton as gast by 'de Amies' (side 141), en waard ik konfrontearre mei krûme sinnen as 'Syn iten is net te fretten mar stjoere kin er as gjinien' (side 77) en 'oeral yn it hûs hongen portretten fan de mislearre opdrachten fan notabelen út it doarp.' (side 148). Wat te tinken fan dit: 'Moarns wiene se noch tegearre yn tsjerke dêr't dûmny behalve tongerpreken ek it wrâldnijs flak foar it lêste gebed trochjoech. Dat die er oanslutend oan de preek dy't

yn it ferplichte Latyn ôffraffele waard om dêrnei dalik oer te skeakeljen op ûnferfalske Iersk. It wrâldnijs gie altyd oer Ierlân (...) want preester O'Brein hate de Ingelsen oant yn syn teannen' (side 159). Preken yn it Latyn? In dûmny dy't preester is? Ut in oar perspektyf wei: logyske, koherente en boartlike sinsbou?

It is fansels net fuort fout, it is wol hiel, hiel betocht

Ik kin noch wol eefkes trochgean, want boppesteande is mar in beskieden opsomming fan flaters, ûnmooglikheden, fiersochte tafallichheden en pseudo-wiisheden.

It Eagleton Segel is in boek dat op alle mêden tekoart sjit: gjin refleksje, gjin timing, gjin karakters. Gjin tema. As ik dan yn in neiwurd lêse dat de skriuwer syn eigen ynterpunksje folge hat, fiel ik my as lêzer net serieuus nommen. Lykas in realistysk skilder net foar de fûst wei wat skilderje mei, sa is de literêre frijheid bûn oan strikte wetten.

i *It Eagleton Segel*. Arjen Terpstra. Friese Pers Boekerij, 22,50 euro

